Rapport onderzoek geloofsbrieven

Lorenzo Rienstra foar GrienLinks
En
Marjan Kuiper foar de VVD

Út namme fan de kommisje betrouwensbrieven, dy't njonken mysels bestiet út de riedsleden Atsma en Douwstra, kin ik jo de útslach meidiele fan ús ûndersyk nei de betrouwensbrieven fan twa nije fraksje-assistinten dy't foardroegen binne troch harren fraksjefoarsitters.

It giet om:
Lorenzo Rienstra foar GrienLinks
En
Marjan Kuiper foar de VVD

De betrouwensbrieven binne ûndersocht en se binne yn oarder.

Wy hawwe konstatearre dat hja allegearre yn de gemeente Ljouwert wenje. Wy hawwe de njonkenfunksjes beoardield en ek dy binne akkoard. En beide fraksjeassistinten hawwe de gedragskoade yntegriteit ûndertekene.

De kommisje advisearret dêrom de foardrachten foar kundskip oan te nimmen. Sy kinne as fraksjeassistint út namme fan de fraksje it wurd fiere by de tariedende riedsgearkomsten.

Ljouwert, 18 juni 2025

De Kommisje niisneamd:

Hinke Roorda .....

Hayo Douwstra .....

Jannie Atsma .....